

'Kuneara', boekewikegeskink 20

"Har hillige nan

Sn. nblid. 2/3 2000

DE HOMMERTS - It Frysk Boekewikegeskink 2000, is skreaun troch Akky van der Veer (1943) út Marsum. It is in histoarise novelle dy't basearre is op in midsieuske leginde fan 'e Hillige Cunera. 'Kuneara', is in útjefte fan Utjouwerij Bornmeer, makke foar de Stichting It Fryske Boek. It boekje befettet 80 siden en is bij de boekhannel fergees te krijen bij oankeap fan op syn minst f.19,50 oan Fryske boeken.

De úterlike fersoarging fan It Frysk Boekewikegeskink 2000 kin tige besjen lije. Gert Jan Slagter, hat it omslachûntwerp fersoarge. De foto fan it omslach is in detail fan de saneamde 'Wurgdoek van S. Cunera', dy't yn it Museum Catharijneconvent te Utrecht bewarre wurdt. It suver klasike omkaft slút prima oan bij de ynhâld fan de novelle. Oan 'e binnesiden fan it omslach is in soarte fan tiidbalk opnommen sadat de lêzer(m/f) it ferhaal pleatse kin yn it ramt fan 'e tiid: 'Wy skriuwe 337...'(s.6)

Troch de úterlike fersoarging en oan de histoarise ferantwurdiging falt al ôf te lêzen dat Akky van der Veer har lêzers wat 'moais' mei jaan wol. En sa heart dat ek at jo ien in kadootsje jouwe! 'Memini ergo sum', is de opdracht dy't oan it ferhaal foarôf giet: 'Ik herinner mij, dus ik besta'. It liket in fariant te wêzen fan 'Cogito ergo sum': 'Ik denk, dus ik besta.'

Nei dizze latynse opdracht, foar it grutte publyk hie in 'fertaling' gjin lúkse west, folget in skeanprinte stikje mei histoarise ynformaasje: Hear Heimo fan Rhenen, in regionale kening yn tsjinst fan Rome, wurdt ynset om te fjochtsjen tsjin in Frankise rôversbinde, dy't Keulen belegeret. Dêr moetet er Kuneara, dy't mei alve oare fam-

men op 'e weromreis fan in pilgrimstocht troch rôvers oerfallen wurdt. Hear Heimotroffen troch har skientmerêdt har as iennige fan de marteldea en nimt har mei nei syn boarch op 'e Heimenberch.

Dan set it ferhaal útein, mei in prachtige 'pakkende' iepeningssin: 'Ik tink dat ik it mar ris fertelle moat.'(s.7) En hjirnei folget it ferhaal, net bij biten en brokken, oer de simmer fan Kuneara. Stapke foar stapke komt Pyk(Fardau), de ikferteller fan dit ferhaal, der achter dat alles sa syn reden en achtergrûn hat. Reade tried yn it ferhaal, is de leginde oer de Hillige Kuneara. It is it histoarise, it nonfiktive elemint fan it ferhaal. It oare part fan de story, it fiktive elemint, giet oer it grutwurden fan it puberfamke Pyk. En dat it grutwurden in pynlik proses wêze kin en in hiel soad fragen opropt ûnderfynt ek Pyk. De libbensfragen dy't Pyk har stelt binne universeel en fan alle tiden. Van der Veer hat al earder oer dizze tematyk skreaun, en wol yn it boek 'Swart op wyt'(1985, Friese Pers Boekerij).

Yn dat mei in Simke Kloosterman en Premio Europeo di Litteratura Giovanilepriis, (en letter nei it ferskinen fan de Nederlânse oersetting ek noch bekoand mei in Vlag en Wimpel) jongereinboek krúpt Van der Veer yn 'e hûd fan in sechtjinierrige dochter fan in nettroude mem. Dizze Femke, dy't op meinnimmende wize en mei humor swartopwyt set wat har sa foar en nei dwaande hâldt, wêr't se mei ompakt, wêr't se yn leaut en benammen wat se fan it libben ferwachtet liket op Fardau. Opfallend is bygelyks de oerienkomst tusken de iepeningssin fan de Kunearanovelle('Ik tink dat ik it mar ris fertelle moat.') en wat Femke yn har boek skriuwt: 'Ik tink, dat ik it alle gear mar ris opskriuwe moat.'

Beide fammen besykje in antwurd te krijen op 'e fragen 'wa bin ik', 'wêr kom ik wei' en yn beide boeken

00 fan Akky van der Veer

namme libbet noch altyd..”



Akky van der Veer hat it boekewikegeskink fan dit jier skreaun. Foto Henk Kuiper

komt ek eksplisyt de fraach oan 'e oarder 'wa is myn heit'. Femke en Fardau hawwe har eigen takomstplannen, mei dreamen en winsken. De grutte klasse fan Van der Veer is dat sij ek werklik hielendal yn 'e hûd krûpt fan har romanpersoanen. Yn 'Kuneara' is de mingeling fan feiten en fiksje op in knappe

wize stâl jûn. It histoarys dekôr dêr't it ferhaal him tsjin ôfspilet ferriedt dat de skriuwster stúdzje makke hat fan it ûnderwerp. De dialogen binne hiel natuerlik en it taalgebrûk al lyk sa.

It ferhaal oer 'Kuneara' is net samar in 'ferhaaltsje' dat him yn 337 ôfspi-

le hat mar it is ek in ferhaal oer no en oer ús. It giet nammentlik oer trou en ûntrou, oer freonskip en ferried. En wat dat oanbelanget binne der ek oerienkomsten tusken 'Kuneara' en Van der Veer har grutte histoarise roman 'Grutte Wurden' (1995, Bornmeer).

It ferhaal dat Fardau fertelt jout in histoarys ferantwurde byld hoe't it libben oan it hôf fan Hear Heimo fan Rhenen him dêr yn 'e fjirde ieu ôfspilet. De dramatyk sit him yn 'e ûntknoping fan de stoarje oer Kuneara, dy't ik hjir net ferriede sil. De romanfigueren wurde libbens-echt werjûn, it binne minsken fan fleis en bloed. Sa is dêr de frouwe Wivina, dy't lêst hat fan echte en ynbylde kwalen. Har hofdame, de mem fan Fardau, dy't Wivina bepopket, soks ta grutte argewaasje fan it trettjinjierrige famke. De 'kristlike' Kuneara, dy't troch de 'heidense' Hear Heimo rêden wurdt út 'e kloeren fan in Frankise rôversbinde. Dyselde Hear Heimo dy't syn eigen frou wreed behannelt en oare froulju misbrûkt. En dan is der noch Jesse, in stâlfeint, dy't begearen bij Fardau opropt. Mar ek de heimsinnige Hild, in frou dêr't Fardau har problemen bij kwyt kin, in harkjend ear. 'Kuneara' is in libbensbeskriuwing fan in hillige, in hagiografy, (be)sjoen troch de eagen fan in puber.

Paus Paulus VI (1963-1978) mei Kuneara dan fan 'e hilligenlist skrast hawwe, har namme libbet noch altyd troch. 'Kuneara', is in Boekewikegeskink dêr't ik wiis mei bin, in kadootsje as in literêre bonbon dat net swier op 'e mage leit, mar nei mear smakket!

Henk van der Veer

Akky van der Veer: 'Kuneara', Boekewikegeskink 2000, makke troch Utjouwerij Bornmeer foar Stichting It Fryske Boek. Fergees bij oankeap fan f.19,50 oan Fryske boeken en oars te keap foar f.9,90. 80 siden.